

Liturgie 8 febrewaris 2026 (Fryske tsjinst)

Oargelmuzyk

Tsjerkeried komt der yn (klok lyksette, kearsen oanstekke en hândruk)

Wolkom en stilte

Sjonge: Liet 67: 1

- 1 Mei God ús oansjen yn genede
en ús syn rike seine jaan.
Mei foar ús folk yn geunst en frede
syn antlit ljochtsje_oer al ús dwaan.
Jou dat elk op ierde / wit hoe't Jo ús liede
en jo wegen ken,
dat de minsken sjogge / wat Jo rûnom dogge
foar jo eigen bern.

Begjinwurden

Kyriegebed

Sjonge as gloarialiet: Liet 303

- | | |
|--|--|
| 1. Sinne en moanne, wetter en wyn
en blommen en bern makke ús God.
Himmel en ierde: alles fan Him.
Skepper, wy wolle Jo tankje.
Skepper, wy tankje Jo.
Skepper, wy priizgje Jo.
Skepper, jo namme is wûndere grut. | 2. Jezus, Gods <u>Soan</u> , libbe en stoar
foar ús allegear libbet Er hjoed.
Ja, Hy is <u>hjr</u> , ja, Hy is hjir.
Jezus, wy wolle Jo tankje.
Jezus, wy tankje Jo.
Jezus, wy priizgje Jo.
Jezus, jo namme is wûndere grut. |
| 3. Libben en <u>waarm</u> , sa is Gods Geast
en hillich en sterk, gloede fan fjoer,
treast ûnderwe <u>is</u> , dei yn, dei út.
Treater, wy wolle Jo tankje.
Treater, wy tankje Jo.
Treater, wy priizgje Jo.
Treater, jo namme is wûndere grut. | |

Gebed by de iepening fan it Wurd

Petearke me de bern (dy't dêrnei nei de bernetsjinst geane)

Lêze: Jes.8: 23b – 9: 6

Sa't in eardere tiid it lân fan Sebûlon en Naftaly yn 'e ferachting brocht hat,
sa bringt de kommende tiid eare oer de seewei, de Jordaanstripe
en de krite fan 'e heidenfolken.

It folk dat yn it tsjuster gean moast, hat in grut ljocht sjoen;
dy't yn in lân wennen, swart as de nacht, binne no fan ljocht oerglânze.

²Jo hawwe har jubel machtich, en har blydskip grut makke;
se binne bliid foar jo eagen sa't men bliid is mei de rispinge, sa't men yn jubel útbrekt
by it ferpartsjen fan 'e bú.

³Want it jok dat har ta lêst wie, de stange dy't har swier op it skouder lei,
en de stôk fan har driuwer hawwe Jo yn stikken brutsen as op 'e Midjansdei.

⁴Ja, de soldatelearzens dy't stampend oer de ierde geane, en de mantels
dy't troch it bloed helle binne, dat wurdt allegear branje, dy't yn it fjoer fertart.

⁵Want in bern is foar ús berne, in soan is ús jûn en de hearskippij leit op syn skouder.
En se neame him: Wûnderlike Riedsman, sterke God, Heit oer alle tiden, Fredefoarst.

⁶Machtich sil syn hearskippij wêze en sûnder ein de frede oer Davids troan en oer syn ryk,
dêr't er grûn en fêstichheid oan jout troch rjocht en gerjochtichheid
fan no ôf oant yn ivichheid.

Sjonge: Liet 454: 1, 4 en 5

- | | |
|--|---|
| <p>1 De minsken dy't gean yn it tsjuster,
dy't wenje yn it lân fan 'e dea,
dy sjogge in ljocht oan 'e himel,
it strieljende moarntiidsread.</p> <p>5 Hy bringt alle libben op ierde
úteinlik teplak yn syn ryk.
De minsken dy't gean yn it tsjuster
dy wurde de kening te ryk.</p> | <p>4 Want ús is in keningss oan berne,
mei nammen sa ryk en sa gol,
en Hy is de foarst fan 'e frede,
dy't tusken ús yn wenje wol.</p> |
|--|---|

Lêze: Matt.4: 12-25

¹²Doe't Jezus hearde, dat Johannes oppakt wie, gong Er nei Galiléa. ¹³Hy liet Nazaret lizze
en sette Him nei wenjen yn Kafarnaüm. Dat leit oan 'e mar yn 'e kontreien fan Sebûlon en
Naftaly. ¹⁴De wurden fan profeet Jesaja moasten ommers útkomme:

¹⁵Lân fan Sebûlon en lân fan Naftaly, oan 'e wei nei see, oare kant de Jordaan,
Galiléa fan 'e heidenen, ¹⁶it folk dat yn it tsjuster siet, hat in grut ljocht sjoen;
foar harren dy't yn 'e sombere oarde fan 'e dea sieten, is in ljocht opgien.

¹⁷Sûnt dy tiid begûn Jezus mei de ferkundiging fan it bliid boadskip: Bekear jimme: it
himelske ryk is tichteby kommen!

¹⁸Doe't Er ris by de mar fan Galiléa lâns rûn, seach Er twa bruorren op 'e mar it net
útsmitten: Simon, dy't Petrus neamd wurdt, en syn broer Andréas. It wienen fiskerlju. ¹⁹Hy
sei tsjin harren: Kom mei My. Ik sil minskefiskers fan jimme meitsje. ²⁰En fuortendaliks
lieten se de netten lizze en folgen Him.

²¹In eintsje fierder seach Er noch twa bruorren, Jakobus, de soan fan Sebedéus, en syn broer
Johannes. Dy sieten yn 'e boat mei har heit Sebedéus de netten nei te sjen. Hy rôp
harren, ²²en fuortendaliks lieten se de boat en har heit yn 'e steek en folgen Him.

²³Hy teach hiel Galiléa troch, joech ûnderrjocht yn 'e synagogen dêre, ferkundige it bliid
boadskip en holp it folk fan alle sykten en kwalen ôf. ²⁴De rop fan Him gong noch fierder,
hiele Syrië troch. Lju dy't oanhelle wienen mei allerhanne sykten en kwalen, waarden by
Him brocht; besetenen, mar ek lammen en minsken mei setten. Hy makke har allegear

better. ²⁵Grutte kloften folgen Him, út Galiléa, de Dekápolis, Jeruzalem, Judéa en oare kant de Jordaan wei.

Sjonge: Liet 837: 1 en 2

1 Master, de minsken, jong en âld,
komme út stegen en strjitten.
Sjoch, dy't Jo sykje_oer hiel de wrâld,
geane Jo skruten temjitte.
Al ken men faak jo wegen net,
Jo sille_ús fine, ier of let,
as wy it paad net mear witte.

2 Heilân, ha wy 't by Jo net socht:
litte wy oaren mar bliede,
jouwe wy eangst en pine troch,
Jo hawwe hielens te bieden.
Sprek jo genêzend wurd fol macht,
dan wint jo dei it fan ús nacht,
dan sil de leafde ús liede.

Preek

Oargelmuzyk

Sjonge: Liet 531

1 Jezus, dy't by de mar lâns rûn
en Simon en Andréas wûn
om sûnder wat te sizzen
har netten del te lizzen –
faaks komt Er hjoed ek hjir foarby
en ropt Er ús, ropt dy en my
om alles los te litten
en Him ús trou te_ûnthjitten.

2 Jezus, dy't troch de buorren kaam
en tollju dêr fansiden naam:
'k Moat hjoed by jim ferkeare,
tenei bin Ik jim Heare.' –
faaks komt Er hjoed ek hjir foarby,
en sprekt ús oan, en wol dat wy
Him master wêze litte
oer al wat wy besitte.

3 Kristus giet hjoed ek troch de wrâld,
o hear syn stim dan, jong en âld:
Hy wol ús herten reitsje,
fan ús syn folgers meitsje.
By alles wat ús lokje mei,
wa oars komt ús sa ticht benei?
Hy lit ús, Hy allinne,
it ivich libben winne.

Gebeden

Dêrby sjonge: 'God van hein en fier ús Heit' (Tuskentiden 229)

God fan fier en hein ús Heit,
dat wy hilligje jo namme,
ûnder ús sa faak ûntwijd,
troch jo eigen bern beskamme.

Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.

Bûch de folken nei jo wet,
lit jo ryk op ierde komme.
Byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.

Lit oer ús gjin neare nacht,
lied ús net yn blyn begearen.
Binne wy yn duvels macht,
Hear ferlos ús fan 'e kweade.

God fan fie ren hein ús Heit,
wûnder heimmis is jo name,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen.

Kollekte

Sjonge: Liet 418: 1, 2 en 3

- 1 God, skink ús de moed
ticht by Jo te bliuwen,
dan sil neat ús hjoed
útinoarren driuwe.
Jo sill' dei oan dei
oer ús gongen weitsje,
skriemen en ek laitsjen
draacht jo seine mei.
- 2 Wa't dat priuwe mei
siket nije wegen,
seine bringt ús nei
dy't om frede freegje.
Jo geskink wurdt mear
as wy harkje kinne
en meidielsum binne,
fruchtber yn de Hear.
- 3 Frede, mei de died,
jouw' Jo ús yn hannen,
dat wy dy as sied
drage troch de lannen,
siedzjend dei oan dei,
siedzjend yn it brede,
oant ús hert yn frede
by Jo rêste mei.

Seine

Dêrby sjonge: Amen, amen, amen.